

FUNKSJEPROFYL

Omrop Fryslân
Lid Ried fan Kommissarissen

bestjoerlik profyl mei kennis fan nije media



Stânplak:

Ljouwert

1. OMROP FRYSLÂN

Omrop Fryslân is dé regionale publike omrop foar elkenien dy't him mei Fryslân ferbûn fielt. De organisaasje makket ferhalen dy't ynformearje, ynspirearje en amusearje en bringt de kontent fia ferskate platformen lykas onlinekanalen, radio en telefyzje. De Omrop is tichtby, werkenber en betrouber en yn kontakt mei it publyk. De Omrop wol syn plak yn de Fryske mienskip sterker meitsje en is it paad ynslein fan agindafolgjend nei in ferhaal-stjoerde organisaasje. Dêrby is it ferhaal it útgongspunt en dat bepaalt de foarm en it platform.

De koers

De Omrop hat it plak yn it sterk feroarjende medialânskip op 'e nij formulearre en fertaald nei it strategysk plan "Kom fierder". It is in ambisjeus plan dêr't de Omrop ûnderdiel en oanjager yn is fan it maatskiplike debat en mei lef dúdlike karren makket dêr't de Omrop him duorsum mei de Fryske mienskip ferbynt. De organisaasje wol ferbine en bouwe oan mienskippen, him ûnderskiede troch eigen typyske tema's te selektearjen en troch sels saken op de agenda te setten. De organisaasje rekkenet it as har ferantwurdlikheid om de Fryske taal en kultuer aktyf út te dragen. By de Omrop is dan ek it Frysk de fiertaal.

De organisaasje

De Omrop is in platte en bûchbere organisaasje. Dat makket it mooglik om de kearnwearden aktyf út te dragen, yn de takomst feroaringen oan te kinnen en dêr fleksibel op ynspylje te kinnen. Út de ynsette organisaasje-ûntwikkeling wei binne ferantwurdlikheden leech yn de organisaasje belein. By Omrop Fryslân binne sa'n 140 minsken yn tsjinst en wurkje dêrneist sa'n 100 freelancers. Dat binne allegearre professionals, minsken dy't harren fak behearskje. Yn de organisaasje wurdt wurke mei multidissiplinêre teams. It primêre proses stiet sintraal en wurdt foarme troch de trije pylders: Ferhalen, Publyk en Technyk. De stêfôfdielingen binne stypjend ferbûn oan dat primêre proses. De Omrop is in kreative organisaasje dy't doart te learen fan flaters en dy't de opdiene ynsichten meinimt yn it better meitsjen fan de organisaasje.

Bestjoer en Tafersjoch

Omrop Fryslân is in stifting en wurdt bestjoerd troch in direkteur-bestjoerder ûnder tafersjoch fan de Ried fan Kommissarissen (RfK). De ynspraak, advisearring en meisizzenskip is boarge yn de ûndernimmingsried (UR) en de redaksjeried (RR). De redaksjonele ûnôfhinklikens is fêstlein yn it redaksjestatút. De Omrop fiert syn taken út konfoarm de rjochtlinen fan de Mediawet en de beliedsrigels fan it Commissariaat voor de Media. Omrop Fryslân hat in Regionale Mediaried (RMR) dy't it media-oanbodbelied fêststelt en evaluearret. De RMR bestiet út fertsjintwurdigers fan de belangrykste yn de provinsje Fryslân foarkommende maatskiplike, kulturele, godstsjinstige, geastlike en sport streamingen. Dêrneist is ek de feriening Freonen fan Omrop Fryslân yn de RMR fertsjintwurdige.

Nei de webside: <https://www.omropfryslan.nl>

2. RIED FAN KOMMISSARISSEN

De Ried fan Kommissarissen (RfK), bestiet út fiif persoanen, sjocht ta op en advisearret frege en net frege oer de missy, it belied, de strategy, de finansjele bedriuwsfiering en de organisatoaryske kontinuïteit fan Omrop Fryslân. De RfK oerleit dêrfoar geregeld mei de direkteur-bestjoerder fan Omrop Fryslân.

Binnen de RfK is foldwaande kennis oanwêzich op yn elk gefal it mêd fan mediaspesifike, finansjeel-ekonomyske, juridyske, polityk-bestjoerlike, organisatoaryske, personele en maatskiplike saken.

De RfK hat sa'n seis kear yn it jier in gearkomste. Twa kear yn it jier is der in gearkomste (in ôffeardiging) fan de Ried fan Kommissarissen mei de ûndernimmingsried. De leden hawwe in maksimale sittingstermyn fan fiif jier en binne ien kear wer te beneamen foar nochris in perioade fan fiif jier. It foech en de ferantwurdlikheden fan de RfK binne regele yn de karbrief fan Omrop Fryslân.

3. TAKEN EN FERANTWURDLIKHEDEN

- De RfK is wurkjouwer fan de direkteur-bestjoerder.
- De RfK sjocht ta op it belied fan de direkteur-bestjoerder.
- De RfK sjocht ta op it neilibjen fan de wet- en rigeljouwing, wêrûnder de Mediawet.
- De RfK sjocht ta op de realisaasje fan de doelstellingen fan de organisaasje.
- De RfK sjocht ta op de finansjele jiersyklus, wêrûnder it goedkarren fan it jierferslach, de jierrekken en -begrutting.
- De RfK tjinnet as klankboerd foar de direkteur-bestjoerder.
- De RfK stelt in ferslach op fan de Ried fan Kommissarissen, as ûnderdiel fan it jierferslach.

4. KOMPETINSJES EN PERSOANLIKE KWALITEITEN

- Yn steat wêze om it belied en de aktiviteiten fan Omrop Fryslân te beoardielen yn it ljocht fan (resinte) politike en bestjoerlike ûntwikkelingen en yn steat wêze om hjiroer in ûnôfhinklik oardiel te foarmjen.
- It fermogen om yn teamferbân, ûnder lieding fan in foarsitter, te funksjonearjen.
- Ferbûn wêze mei de gedachtegong, de útgongspunten en de doelstellingen fan Omrop Fryslân.
- Ynteger, ferantwurdlik, kollegiaal en ûnôfhinklik.
- Sterke binning mei de provinsje Fryslân en in (aktive) behearsking fan de Fryske taal.
- Kennis fan en ynsjoch yn regels en opfettingen oer goed bestjoer (de 'governance').
- Strategysk tinkfermogen en bestjoerlike kennis.
- Yn steat wêze om maatskiplike, politike en technologyske ûntwikkelingen op de lange termyn yn te skatten en de gefolgen dêrfan nei Omrop Fryslân te fertalen.
- Yn steat wêze om it funksjonearjen fan de RfK kritysk te evaluearjen en ferbetterpunten besprekber te meitsjen.
- Foldwaande beskikber wêze foar RfK gearkomsten (en mooglike ekstra oerlizen).

5. PROFYL FAKATUERE

Sjoen nei de hjoeddeiske gearstalling, wat profilen, kennis en ekspertizegebieten oanbelanget, siket de RfK in lid mei it folgjende profyl:

- Grutte ûnderfining yn bestjoerlike/eindferantwurdlike en/of tafersjochhâldende funksje(s)
- ûnderfining mei en kennis fan governance fraachstikken
- Moderne fisjy op tafersjoch en governance
- Affiniteit mei nije media

6. OMROP FRYSLÂN BIEDT JO

It giet om in beleanne funksje. De beleaning slút oan by it karakter fan de stichting en is yn oerienstimming mei de 'Wet Normering Topinkomens'.

7. TIIDSKEMA

Foar in soepel ferrin fan de sollisitaasje-proseduere freegje wy jo rekken te hâlden mei de neamde datums yn it tiidsskema. It tiidsskema fine jo op ús webside, ûnderoan de pagina fan de betreffende fakatuere.



KONTAKT

Foar fragen kinne jo kontakt opnimme mei:

Mark Olman
06-27507384